

FRYSLAN-A EKSAMEN

12 april 2014

II Tekstbegryp, taaleigen-, ynterferinsje- en oersetopdrachten (60 min.)

De Fryske stavering

5 De stavering fan it Frysk is troch de ieuwen hinne nochal ris feroare. Wy skriuwe b.g. no hiel oar Frysk as yn 'e midsieuwen en as yn de 19^{de} ieu. Dat is net allinnich, om't de taal sels oars waard. By de skriuwzize moat nammentlik om ferskillende aspekten tocht wurde. Jo moatte net allinnich rekken hâlde mei de eigenskippen fan it Frysk sels, mar ek nochris betinke dat fierwei de measte brûkers fan skreaun Frysk grif faker en better Nederlânsk skriuwe.

10 De stavering fan it Frysk hat fansels gâns in tradysje. Gysbert Japicx, de santjinde-ieuske dichter, wurdt faak neamd as it begjin. Syn skriuwzize is lykwols minder faak neifolge as wol tocht is. Pas nei 1800 wurdt syn stavering troch ferskillende skriuwers oernommen. In stavering út de santjinde ieu is lykwols net mear fan 'dizze' tiid en dus ûntsteane oare inisjativen. De meast útwrydske hat wol dy fan de skriuwers De Haan Hettema en Harmen Sytstra west. Sy skriuwe it Frysk as it Aldfrysk. Sa skriuwt Sytstra 'de beam' as 'thi baam',
15 krekt as yn it Aldfrysk. Doel fan dy stavering, de saneamde Iduna-stavering, is om oan taalgelearden út it bûtenlân sjen te litten dat ús Frysk dan noch echt Frysk is, eat dat troch guon ferneamde wittenskippers fan dy tiid betwivele wurdt.

20 Der is oars in hiel nijsgjirrich lyksoartich gefal fan sa'n âldfrinzige skriuwzize dy't it wol ta offisjele stavering skopt hat. Op de Faerøer, in groep eilannen tusken Skotlân en Yslân yn, wurdt in eigen Noard-Germaanske taal praat (nêst it Deensk). Dy taal hat in rike literêre tradysje. De klanken fan de taal binne frij yngewikkeld om te skriuwen, om't der in soad twalûden binne. Mar it histoarysk ferbân mei de Aldnoarske foarmen, sa't dy op Yslân noch altyd brûkt wurde, is foar in taalwittenskipper maklik te sjen. De literatuer fan de Faerøer wurdt dêrom yn 1846 fêstlein yn in soarte fan Aldnoarske skriuwzize, mei it doel om de
25 teksten sa tagonklik te meitsjen foar oare Skandinaafske taalgelearden. Dat bart yn deselde tiid as dat De Haan Hettema en Sytstra mei harren Aldfryske stavering oan de gong binne. Op de Faerøer is dy âldfrinzige skriuwzize úteinlik ek de offisjele stavering wurden, ta begrutsjen fan de Faerøerske skoalbern!

Ut: R.J. Jonkman en A.P. Versloot, *Tusken talen. It ferhaal fan de Fryske taal* (oanpast)

TEKSTBEGRYP

A. Lês de tekst goed troch en beäntwurdzje de fragen yn it Frysk yn **folsleine sinnen**. Mei-inoar kinne 19 punten helle wurde.

1. Wêr moat sa al omtinken foar wêze by it fêststellen fan de stavering fan it Frysk? (2 punten)
2. De stavering fan it Frysk hat in tradysje. Wurdt dêrmei bedoeld dat it Frysk hieltiten itselde skreaun is? Ljochtsje jo antwurd ta. (3 punten)
3. Wat hawwe De Haan Hettema en Sytstra mei harren stavering foar eagen hân? (2 punten)
4. Wêrom is de taal fan de Faerøer sa dreech om te skriuwen? (2 punten)
5. Yn hokker ieu wiene hja op de Faerøer dwaande om de stavering fêst te lizzen? (1 punt)

6. Wurde der op Yslân noch altyd Aldnoarske foarmen skreaun? Ut hokker wurden út de tekst docht dat bliken? (2 punten)
7. Wêrom soene wy begrutsjen mei de Faerørske bern hawwe moatte? (2 punten)
8. Hokker ferskillende staveringen fan it Frysk wurde yn 'e tekst neamd? Neam trije. (3 punten)
9. Wurdt de stavering fan De Haan Hettema en Sytstra no noch brûkt? Ljochtsje jo antwurd ta. (2 punten)

TAALEIGEN

B. Jou mei eigen wurden de betsjutting of omskriuwing fan ûndersteande wurden út de tekst. Mei-inoar 20 punten.

- | | | |
|-------------------|-------------------------|------------------------|
| 1. fierwei (r. 7) | 5. guon (r. 17) | 9. âldfrinzige (r. 18) |
| 2. grif (r. 7) | 6. ferneamde (r. 17) | 10. begrutsjen (r. 28) |
| 3. gâns (r. 9) | 7. nijsgjirrich (r. 18) | |
| 4. eat (r. 16) | 8. lyksoartich (r. 18) | |

C. Brûk de folgjende wurdpearen sa yn in (koarte) sin (ien sin foar elts wurd), dat it betsjuttingsferskil goed dúdlik wurdt. Foar tiidwurden mei ek in bûgingsfoarm brûkt wurde. Mei-inoar 24 punten.

- | | | |
|----------------|--------------------|------------------|
| 1. reek - rook | 3. slikje - slokke | 5. holle - haad |
| 2. fuort - wei | 4. licht - ljocht | 6. heine - fange |

D. Jou it meartal en it ferlyttingswurd fan ûndersteande haadwurden. Mei-inoar 12 punten.

- | | | |
|----------|---------|-----------|
| 1. bern | 3. frou | 5. stoel |
| 2. lears | 4. bân | 6. baarch |

OERSETOPDRACHT

E. Set de neikommende sinnen oer yn geef Frysk. Mei-inoar 20 punten.

1. Wij gaan vaak 's nachts vissen aan de rand van het bos.
2. Toen hij mij opbelde, wist ik gelijk dat er iets aan de hand was.
3. Blijf je daar staan of ga je er straks ook naar toe?
4. Hij heeft het te druk, volgende week moet hij alweer weg.
5. Ben jij er zeker van dat je het licht hebt uitgedaan?
6. Elk jaar komt na de lente gelukkig weer de zomer.

YNTERFERINSJES

F. Meitsje geef Frysk fan ûndersteande sinnen. Ien punt foar eltse goede ferbettering.

1. Tidens it ontbijt moat iderien stil wêze.
2. Gean jimme rinnen? Wie hat dat fersonnen?
3. Ik bin boven as iemand mei my wol prate.
4. Sy fûn der mar weinich oan, dat foel my tsjin fan har.
5. Dat nije boek *Littenser Merke* fan Zandbergen is erch dik.
6. Dy boer hie 15 koën yn it weilân te grazen.